Jiertal / saaknûmer: 2025-154696

MOASJE

Art. 48 RfO

Moasje nei oanlieding fan agendapunt nû. 9 yn de riedsgearkomste fan 3 july 2025

De ried fan de gemeente Noardeast-Fryslân yn gearkomste byinoar op 3 july 2025

Underwerp: **Diele is duorsum**

De ried,

heard it beried,

oerwaagjend dat:
- hieltyd mear ynwenners inisjatyf nimme om guod, ferfier en foarsjennings mei inoar te dielen;
- dielinisjativen lyk as in arkbieb, ruilkasten, autodielen bydrage oan duorsumens en ûnderlinge ferbûnens;
- in soad fan dizze inisjativen ûnsichtber bliuwe foar ynwenners;

en fan miening dat:
- dielinisjativen de mienskip fersterke en bydrage oan sirkulêre doelen;
- de gemeente al kontakt struktueren yn ‘e doarpen en wiken hat en dizze sichtberens sûnder ekstra kosten fergrutsje kin;

fersiket it kolleezje:
1. om fia bekende en besteande doarpskontaktpersoanen en kommunikaasjekanalen yn kaart te bringen hokker dielinisjativen der al binne yn doarpen en wiken;
2. om dizze dielinisjativen sichtber te meitsjen op de gemeentlike webside;
3. om de boadskip ‘diele is duorsum’ te brûken yn gemeentlike duorsumheidskommunikaasje,

en giet oer ta de oarder fan de dei.

Yntsjinne troch: S. Keizer (S!N)

Stimming	Foar:	Tsjin:

Moasje oannnaam / net oannaam

Sa besletten troch de ried fan de gemeente Noardeast-Fryslân yn syn iepenbiere gearkomste fan 3 july 2025.

De ried niisneamd,
de griffier,

mr. S.K. Dijkstra

de foarsitter,

mr. J.G. Kramer